

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE ex artikel 40 Reglement van Orde

Rjochte oan DS/ Deputearre	Poepjes Underwerp: Grutskalige sinneparken op de Iselmar
	Taljochting: Der is in 'Energieverkenning IJsselmeergebied' opsteld yn opdracht fan de provinsjes Fryslân, Flevoland, Noord-Holland en Overijssel. Dit soe in mooglike bouwstien wêze foar in noch op te stellen Fryske Regionale Enerzjy Strategy (RES). Ut de regio wei is in petysje oanbean dy't protestearret tsjin in ûnderdiel fan de Energieverkenning, nammentlik de mooglikheid fan grutte sinneparken op it wetter. De gemeenteried fan Súdwest-Fryslân hat op 6 juny nei oanlieding fan de Energieverkenning unanym in moasje oannommen dy't freget om gjin meiwurking te ferlienen oan plannen foar (nije) wynturbines en sinneparken op de Iselmar.
Fraach / fragen	1. Is it korrekt dat de Energieverkenning IJsselmeer de opsje jout fan grutskalige sinneparken yn de Iselmar foar de Fryske kust?
	2. Wat is de status fan dizze Energieverkenning op dit stuit?
	3. Hat it Kolleezje formeel bestjoerlik of yn de media al posityf reagearre op ûnderdielen fan dizze Energieverkenning? Sa ja wêrom dan krekt?
	4. Past it idee fan grutskalige al dan net driuwende sinneparken foar de Iselmarkust yn it romtlik belied fan Fryslân op dit stuit?
	5. Is it kolleezje it mei ús iens dat it idee net winsklik is yn it ljocht fan de besteande lânskiplike ynpassingsregels, de Natura 2000 status fan de Iselmar en yn ferbân mei it nije bestjoersakkoart dat as útgongspunten hat om by de enerzjytransysje it lânskip te hoedzjen en rekken te hâlden mei regionaal draachflak?

Yntsjinner(s)	FNP Fryslân Sijbe Knol
---------------	-------------------------------

Datum	10 july 2019
-------	--------------